

# De klown as treast

## Ferhalen

troch jaap Krol

**S**teve Hilton is de eksjonger fan de oait ferneamde groep The Large Nobodies en net mear de jongste. No is 64 net sa hiel âld, mar yn de rock-'n-roll jilde fansels oare wetten. As Hilton nei de repetyasje mei de sessymuzikanten foar it programma *Wo sind die alten Stars* oan it drinken rekket, kin er mar mei muoite yn syn Hamburgske hotelkeamer komme, dêr't er yn bêd noch in sigaretsje smooft. Syn lêste, sa docht bliken. De hotelkeamer baarnt ôf, Steve wurdt wei. It parseberjocht fan Reuters fertelt de rest.

It lêste optreden is ien fan de 27 ferhalen út *De triennen fan Cheetah* fan Anne Feddema. In debút trouwens: it is syn earste Frysktalige proazabondel – al is dizze kwalifikaasje wat rom, want hast alle ferhalen binne earder ferskynd yn de literêre blêden *Hjir*, *Ensaft* en *De Moanne*.

### Foarmfêste ferteller

De titel ferwiist nei wat foar de measte ferhalen jildt: hjir plinge de triennen fan de klown. Hy stiet fol yn it libben, mar gûlt yn stilte of is oars it slachtoffer – faak sliependerwei – fan ûnfoarsjoene omstannichheden. Dochs is der gjin plak foar streamende emoasjes, dêr is Feddema in te foarmfêste ferteller foar.

Mei foarmfêst bedoel ik bygelyks de faak weromkommende ferbining tusken stjer-

like minsken en ûnstjerlike ferneamdheden. Nim it ferhaal *Flessen en aaien*. De jonge skilder Leendert Sinnema út Ljouwert giet nei Súd-Dútslân (Murnau) om dêr in pear 'foarstellingsleaze wurkjes' oan Kandinsky sjen te litten. Mar de ferneamde skilder dy't foar Sinnema it spirituele yn de byldzjende keunst fertsjintwurdiget docht bliken in ordinêre sûplap te wêzen, dy't yn it bywêzen fan Sinnema de mage leegt. Teloarsteld trapet de jonge skilder in oankommend masterwurk (*Ymprovisaasje mei blau flak*) stikken en giet werom om him de rest fan syn libben liik dwaande te hâlden mei it skilderjen fan flessen en aaien. Fansels komt koart nei de ôfreis de echte Kandinsky thús

om't der hjoed of moarn in 'jonge keunstner út Hollân' komt – de dronkeman wie de buorman, in dichter, sa die bliken.

## Feddema's humor hat eins in deaserieuze grûn

In sfearfol ferteld ferhaal, dat yn syn absurde en komyske ferrin de missy fan de keunstner – hoe dizzenich dy ek wêze mei – werombringt ta in tragikomyske sitewaasje.

Yn *Fremd bin ich* eingezogen...

moetsje wy de learaar Dútsk en kultuersnûver Klaas Jan Hofman, dy't yn wintersk Berlin in blomke lizze wol op it grêf fan multi-talint E.T.A. Hoffmann (1776-1822). As bliken docht dat er op it hôf op de set fan *Tatort* belannet, liket de literêre wurklikheid him yn te heljen. Oft er eefkes as lyk figurearje wol? No, dat wol Hofman wol, wêrnei't er yn sliep falt en ûnder Schuberts ferneamde lietklanken gaotysk dreamt – ta grutte panyk fan de setmeiwurkers.

### Absurd dekor

Mei foarmfêst doel ik ek op de wrâld as ien grut en absurd dekor. Feddema fleant fan Ljouwert nei Amearika en fjouweret oer de Russysk-Poalske bjirkesteppen nei Oostende. Yn *It ferhaal fan luitenant Yevgeny Oblonsky* komme wy yn 'e kunde mei de wite militêr Oblonsky, dy't yn 1920 op syn hynder Poesjkin op de flecht slein is foar it Reade leger. Yn in geheimsinnich bosk sliept er djip en wurdt er oerfallen troch ynkringende oantinkens út de bernetiid, in foarbea fan syn ein. 'Foarmfêst' giet dus ek oer it belang fan de ferbylding, want werom plinge jo triennen oars? Net om de mores fan de tsjinstanners: 'In Reade kavalierist bûgde him oer Oblonsky hinne en hearde noch krekt dat er twa kear God en ien kear Poesjkin sei. Al dy Witen hienen altyd de bek fol fan God en alle hill-

gen yn 'e himel. Mar dy tiid wie sawat foarby, meikoarten soe it libben begjinne sa as it bedoeld wie, sûnder God, mearkes en wanleauwigens. De nije minske soe berne wurde ... of sokssawat.' (side 103)

Feddema's humor hat eins in deaserieuze grûn. Literatuer bringt it falen ûnder wurden, it bespilet de heechstimde ferwachtings en bringt ús dêrmei wer ta ús eigen kearn. Al kinne wy net om ús stjerlik-

## Dochs is der gjin plak foar streamende emoasjes

heid hinne, ûnder de wjukken fan de (al of net hegere) keunst wurdt alles miskien in bytsje draachlik – in bytsje hilarysk miskien wol. *De triennen fan Cheetah* is in lykwichtige en yntelligint skreaune bondel, wêrmei't Feddema bewiist ien fan Fryslâns meast eigensinnige keunstners te wêzen.

**i** De triennen fan Cheetah. Anne Feddema. Afûk, 17,50 euro



## Anne Feddema

Anne Feddema (Ljouwert, 1961) is skilder, dichter en skriuwer. Hy skriuwt sawol yn it Frysk as yn it 'Liwadders'. Foar syn skilderkeunst wûn er yn 2007 de Margaretha de Heerprijs fan de gemeente Ljouwert. Yn 2009 krige er de Gysbert Japicxprijs foar de bondel *Reidhintsje op 'e Styx*. Oar literêre wurken fan

Feddema binne *Slapstickiepenbierings* (poëzij, 1997), *Skûnpûtersgûd* (samle 'Lee-wadder kollum', 2009), *Torpedo's los!* (poëzij, 2010), *Op myn stjerbêd wol ik tate ha* (poëzij, 2013). Feddema wie kollumist foar Omrop Fryslân en *De Moanne*. As skilder eksposearret er yn binnen- en bûtenlân (ûnder oare Groninger Museum, Potsdam en Vilnius).